

## Beslút fan 26 maart 2019, mei skaaimerik 01644478, ta it wizigjen fan de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân

Deputearre Steaten fan Fryslân,

Mei it each op kêst 1.3 fjirde lid fan de Algemene subsidieverordening provincie Fryslân 2013

### beslute

de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân as neikomt te wizigjen:

### Kêst I

#### A

Kêst 4.3.6, tredde lid, wurdt:

3. in ûnderwiisinstelling mei:
  - a. profyl A kriget € 10,44 de learling;
  - b. profyl B kriget € 8,99 de learling;
  - c. profyl C kriget € 7,54 de learling;
  - d. profyl D kriget € 6,09 de learling;
  - e. profyl E kriget € 4,64 de learling;
  - f. profyl F kriget € 3,18 de learling.

#### B.

Kêst 4.3.7, tredde lid, wurdt:

3. in ûnderwiisinstelling mei:
  - a. profyl A kriget € 13,39 de learling;
  - b. profyl B kriget € 9,63 de learling;
  - c. profyl C1 kriget € 5,87 de learling;
  - d. profyl C2 kriget € 2,12 de learling.

### Kêst II

Dit beslút wurdt fan krêft mei yngong fan de dei nei de datum fan útjefte fan it provinciaal blad dêr't it ynset wurdt.

*Sa fêststeld yn de gearkomste fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 26 maart 2019*

*Foarsitter drs. A.A.M. Brok*

*Sekretaris R.E. Bouius-Riemersma, MBA MCM*